

Tekst 1

Is Willie Wortel foar it Frysk?

(1) Ik fiede my wol wat in dielnimmer oan in evangelisaasjekampanje. Mar it wie in moaie neisimmerdei en wy wiene allegearre fol goeie moed. Mei de
5 ûnderwiisdeputearre, de minsken fan it Taalsintrum Frysk en de kollega's fan de skoaltelevyzje en -radio yn de provinsjale vip-bus troch Fryslân in tal basisskoallen by del om de splinternije
10 Fryske lesmetoade *Studio F* oan te bieden.

(2) Wêr't wy ek kamen, fan Arum oant De Houtigehage, wy waarden op alle plakken alderfreonlikst ûntfongen en de
15 ûnderwizers joegen oan dat it nije lesmateriaal o sa wolkom wie. Op alle skoallen diene de bern optein mei oan it spultsje op it skoalplein wêrby't se safolle mooglik Fryske wurden foarmje
20 moasten fan de letters út de slachsin 'Hoera foar Studio F'. Yn Arum gong dat de bern noch it bêste ôf: dêr hie in groepke binnen tsien minuten mar leafst 43 wurden makke. Ja, yn de lytse
25 bouhoeke, dêr wiist it noch net sa min mei it Frysk.

(3) Under de lunch waard it útkommen fan de metoade troch ien fan de Fryske taalpommeranten in mylpeal neamd. Dy
30 term is, ek yn it ferline, gauris brûkt as der yn ferbân mei it Frysk wer ris resultaat berikt waard, bygelyks yn 1980 doe't it Frysk by wet ferplichte waard yn it basisûnderwiis. Dat soks
35 der net ta laat hat dat it der yn de praktyk mei it Frysk op skoalle goed foarstiet, is sa njonkelytsen wol dúdlik wurden. Hast gjin inkelde skoalle helle
40 de doelstelling foar it ûnderwiis yn de Fryske taal. Sa'n 20 prosint fan de bern dy't fan de basisskoalle ôfkomme, hat sels noait Fryske les hân, sa die bliken út it ynspeksjerapport 'Frysk yn it primêr ûnderwiis'. It Frysk hat op

45 skoalle noch hyltyd net de posysje dy't it wetlik takomt. It wurdt – men hoecht dêr net folle yllúzjes oer te hawwen – ek op basisskoallen net botte serieus nommen. En dat hat fansels wer alles
50 te krijen mei de feroarjende posysje fan de Fryske taal yn Fryslân. Dêr is al hiel wat ûndersyk nei dien.

(4) Okkerdeis kaam in Nijmeegse ûnderwiiskundige mei alarmearjende
55 berjochten oer it Frysk. De lêste tsien jier is it tal âlden dat mei elkoar Frysk praat neffens ûndersiker Geert Driessen mei in tredde ôfnommen. It tal bern dat tsjin freontsjes Frysk praat,
60 soe yn dy jierren de helte minder wurden wêze. Yn 1995 prate mear as 50 prosint fan de Fryske skoalbern noch Frysk mei heit of mem. Acht jier letter, yn 2003, telde ûndersiker
65 Driessen noch mar in tredde dat Frysk brûkt yn it taalferkear yn de hús-hâldings. Bruorkes en suskes prate tsjin elkoar ek hyltyd minder Frysk. It mei dúdlik wêze – it waard nammers yn
70 eardere ûndersiken fan bygelyks Omrop Fryslân ek al nei foaren brocht – dat de oerdracht fan it Frysk fan de iene generaasje op de oare hurd achterút kachelt. Elk dy't geregeld bern
75 praten heart, kin dy konklúzje ûnderskriuwe, want net allinne op de skoalpleinen fan Drachten en It Hearrenfean wurdt amper noch Frysk brûkt, ek yn plakjes as Koarnjum en Gau “hoort men
80 men veel Hollands sprekende kinderen”. Men hoecht gjin swiersettige ûndergongsfilosoof te wêzen om dy feroaringen yn taalgebrûk te merkbiten.

(5) Is de nije lesmetoade *Studio F* no it
85 evangeelje en de iennichste ôfdwaande remeedzje om it Frysk in grutter plak te jaan yn it ûnderwiis? Nee, fansels net, it is heechút in wichtige stap om de

90 Fryske lessen yn it basisûnderwiis folle
mear by de tiid te bringen. De foarige
taalmetoade wie bot ferâldere. De nije
Fryske lessen binne multy-mediaal fan
opset en it materiaal wurdt de bern
oanbean op fjouwer nivo's, sadat elk
95 der wat fan syn of har gading yn fynt.
Se kinne ek in wichtige stipe wêze foar
de ynspekteur, dy't oansteld is mei as
spesifike opdracht derop ta te sjen dat
de wetlike bepalingen oangeande it
100 Frysk no einlings ris neilibbe wurde.
Mar hoe treflik de nije metoade ek is:
der sil folle mear barre moatte, ek op
oare plakken. Op de opliedingen foar
ûnderwizers bygelyks. Oft wy wol
105 safolle ha oan in taalwet, dêr't de Ried
fan de Fryske Beweging op oantrunet
by lanlike politike partijen, is noch mar
de fraach. Want wetlik is sa njonke-
lytsen it measte wol fêstlein foar it
110 Frysk.
(6) In Donald Duck dy't foar ien kear yn
it Frysk útkomt, lykas steatelid Geart
Benedictus ha wol, sil ek net direkt
safolle úthelje. Syn idee wie faaks
115 ornearre as foarskot op de debatten
dy't yn it ramt fan de Fryske takomst
fierd waarden op inisjatyf fan de pro-
vinsje en dêr't ek yn praat wurdt oer de
Fryske taal, it ûnderwiis en de kultuer.
120 Hege ferwachtings oer de útkomsten
haw ik nammers net. Fan de ideeën
dy't yn it earste debat yn de rige Fryske
Fiersichten oer de planologyske
takomst fan Fryslân lansearre waarden

125 troch arsjitekten, stêdeboukundigen en
oaren dy't der foar trochleard hawwe,
waard men net direkt botte fleurich. Yn
Dokkum alle sneonen Bonifatius
fermoardzje, filla's op de Ofslútdyk
130 delsette en Fryslân folbouwe mei grutte
ranches, dêr't de rike hynsteleaf-
hawwers har útlibje kinne. Ja, it wie in
lange en fruchtbere jûn. Petearliedder
professor Wim de Ridder, ekonoom en
135 futurolooch, wie der o sa wiis mei, mei
dy kreative gaos. ("Met de meest gekke
dingen kun je deze provincie
interessant maken.") Mar oft wy der
safolle fierder mei komme, mei sokke
140 Willie Wortels?
(7) Wat wichtiger wêze kin foar de
takomst fan it Frysk, ek yn it ûnderwiis,
is it ynsjoch dat behearsking fan mear
as ien taal krekt in ferriking is, in
145 ynsjoch dat de lêste tiid yn bredere
rûnten hyltyd faker te hearren is.
(8) Soks soe folle mear propagearre
wurde moatte, ûnder (jonge) âlders
bygelyks, mar ek by ûnderwizers.
150 Meartaligens is folle gewoaner en
levert mear op as it hawwen fan ien
taal. En fierders moatte wy ek wat it
Frysk oanbelanget faaks wat mear yn
wûnders leauwe. Want yn tsjinstelling
155 ta it weromrinnen fan de oerdracht fan
it Frysk fan de iene op de oare
generaasje nimt dat leauwen yn
wûnders hyltyd mear ta, sa docht út
wer oar ûndersyk bliken ...

Nei: Geart de Vries yn de Moanne fan oktober 2006

Tekst 2

It sûpen giet gewoan troch ...

(1) Krapoan twa jier lyn gie ik op dit plak yn 'e pleit foar in rigoereus plan tsjin alkoholmisbrûk. Dêr wiene twa oanliedingen foar. Yn it foarste plak hie
5 út ferlykjend ûndersyk bliken dien dat nearne yn Europa de jongerein sa bot sûpt as yn ús lân. Yn it twadde plak wiisde de Fryske plysjesjef fan doe, Wagenaar, derop dat alkoholmisbrûk
10 mear skea teweechbringt as drugsgebrûk en dat it dêrom wol wat mear omtinken fan de oerheid en de plysje brûke koe.

(2) It is benammen de dûbele moraal om alkoholgebrûk hinne dy't dêrby yn it paad stiet. Der is in gearhingjende oanpak nedich mei ekonomyske, juridyske, fiskale, previntive en repressive aksinten. Mar salang't der noch sa grou
15 fertsjinne wurdt oan alkoholgebrûk, sil der wol neat feroarje. Of it moat wêze dat wy it echt oandoare. De drankyndustry, de horekasektor, de sportkantines, it winkelbedriuw en net te
20 ferjitten de oerheid fertsjinje behoarlik oan drank en drankgebrûk. En oer de kosten fan behanneling fan alkoholmisbrûkers en oare maatskiplike kosten dy't dêr foaroer steane, hearst
25 meastentiids allinne wanhopige âlders, learkrêften, medisyn en helpferlieners.

(3) No moat ik fuortdaliks tajaan dat ik maklik praten haw. Ik haw neat mei alkohol. Ek nea hân. Likemin as mei
35 oare middels dy't fan ynfloed binne op it bewustwêzen. Dêryn bin ik ynspirearre troch de sosjalistyske foarman Ferdinand Domela Nieuwenhuis, dy't mear as hûndert jier lyn sei: "Tinkende
40 arbeiders drinke net, drinkende arbeiders tinke net." Sa'n opmerking moatst yn it ramt fan de tiid sjen, mar de essinsje jildt noch altyd.

(4) Yn de tuskentiid binne de sifers fan

45 drankmisbrûk ûnder benammen jongeren sa ferskriklik omheech sketten, dat ik dy hjir net iens neame wol. En dan haw ik it noch net iens oer de maatskiplike sûnensskea troch it
50 fierstente hege alkoholgebrûk. Want hast de helte fan de ûngemakken yn it ferkear mei deaden en swierferwûnen, hast al it húsluk geweld en de mishannelingen dy't dêrmei anneks binne,
55 hast alle reboelje mei fernielings en fjochtpartijen yn útgongsgebieten hawwe mei alkoholgebrûk te meitsjen. (5) En dochs is alkohol maatskiplik folslein akseptearre. It is net allinne
60 gesellich, mar ek stoer om alkohol, benammen in protte alkohol te drinken. Dan hearst der pas goed by. Op jierdeis, op feesten en partijen, yn de disko en yn it kafee, yn de tredde helte
65 yn de sportkantines, yn al dy keten dy't oeral yn Fryslân te finen binne en sels op strjitte. Feestfiere stiet hast gelyk oan sûpen. Drinkst net mear bier per glês, mar do sûpst it per krat.

70 (6) Doch s pleitsje ik net foar in fanatike oanpak lykas dy fan de eardere drankbestriders. Fansels koesterje ik de histoaryske fertsjinste fan de Blauwe Knoop, mar de tiden binne feroare.
75 Drankmisbrûk is al lang net mear oan in bepaalde klasse bûn, likemin as oan in leeftydskeategory en ek net oan it geslacht. Man, frou, jong, âld, ryk, earm, elkenien sûpt him in stik yn de
80 kraach. Domwei ferbiede helpt net. Dat is ek net te kontrolearjen.

(7) No jou ik graach ta dat in pilske, in glês wyn of in slokje op syn tiid gesellich wêze kin. Ast it net litte kinst,
85 moatst it mar dwaan, salang ast mar net achter it stjoer krûpst. Mar wannear't der yn in jier seishûndert jongeren safolle sûpe dat sy yn koma

reitsje, in alkoholfergiftiging of harsen-
90 skea oprinne, dan is dat net mear
gesellich. En al hielendal net stoer.
(8) Koartlyn moete ik twa ferûntrêste
memmen út Oerterp, Myriam Loonen
en Hannie Gorter. Sy binne hiel bekend
95 wurden mei har aksje 'Vroegopstap.nl'
om de kafees en disko's earder slute te
litten, want dan sille jongeren har net
earst flink 'yndrinke' foardat sy útgeane
100 útgongslibben pas om in oere of ien
nachts, om dan troch te gean oant
fjouwer of fiif oere. Of noch letter.
(9) De aksje fan de beide memmen is
105 sympatyk. Sy hawwe fan ferskate
plakken ek stipe tasein krige. Ek fan
gemeenten, dy't sizze dat sy it mei
harren iens binne, mar dy't dêr net de
konsekwinsje oan ferbine om sels de
110 slutingstiden nei foaren te heljen. It
gefaar fan symboalpolityk is dan ek

libbensgrut.
(10) It is net de horeka en it binne like-
min de gemeenten dy't skuldich binne
oan it grouwélige sûpen fan benammen
115 jongeren. Mar sy kinne der wol wat oan
dwaan. Bygelyks troch bern ûnder de
sechtjin net ta te litten yn disko's en
nachthoreka. Troch in eigen alkohol-
belied op te setten, wêryn't effektive
120 foarljochting oan jongerein en âlders
sintraal stiet. Mar wêryn't de oerheid ek
mei kontrôle en tafersjoch fanwegen
komt. En wêrby't de healferburgen
parakommersje fan buerthuzen en
125 sportsintra net bûten skot bliuwt. Wêr-
by't ek einlings de sûpketen in kear
oanpakt wurde.
(11) Dêrby kin it kabinet in triuwke yn
de rêch jaan troch de wetjouwing oan
130 te skerpen. En dus net troch de oan-
pak fan alkoholmisbrûk op it boardsje
fan oaren del te lizzen.

Nei: Bert Middel yn de Leeuwarder Courant fan 8 oktober 2007

Tekst 3

Kolaatsje op alkoholgearkomste

(1) Mochten jo it noch net witte:
jongeren drinke te folle alkohol. De
provinsje Fryslân wol dêr feroaring yn
oanbringe. Dêrby skeakelt dy de help
5 fan de probleemgroep sels yn.
(2) It rint út de foegen, neffens sprek-
kers by in gearkomste oer alkohol-
gebrûk ûnder jongeren. En dat docht ek
blikken út lanlike sifers. Dit jier bedarren
10 al 1800 minsken yn it sikehûs mei in
alkoholfergiftiging. 560 dêrfan wiene
tusken de tsien en tweintich jier, in
stiging fan 600 prosint yn ferliking mei
ferline jier. Alle jierren ûntstiet der by
15 63.000 jongeren lichaaamlke skea troch
alkoholmisbrûk, sa blykt út sifers fan
GGD Fryslân.
(3) Op it provinsjehûs gienen de pro-

vinsje, de plysje en in tal maatskiplike
20 organisaasjes de diskusje oan mei de
likernôch fyftich oanwêzige jongeren.
(4) "It doel fan dizze jûn wie twasidich",
sei wurdfierder Falgun Binnendijk fan
de provinsje nei ôfrin. "Oan de iene
25 kant jongeren foarljochtsje oer de
gefaaren fan it fierstente hege alkohol-
gebrûk. Oan de oare kant woene wy ek
nei de jongeren harkje, om sa ek advys
te krijen."
30 **(5)** Jongeren fan om ende by sechtjin
jier hingje ûnferskillich yn de sitkes-
sens. By de bar kinne sy in drankje
helje. Kola, sinas of jus d'orange. Gjinn
breezers. Op it wite skerm wurdt in tal
35 stellings projektarre. De jongeren
prate iepenhertich ("Ik drink al fan myn

- tolfte ôf bier”) en sy binne it mei hast elke stelling ûniens.
- (6)** “Ast dy in kear in koma sûpt hast, dochst it nea wer”, is der op it skerm te lûzen. “In kear hie ik safolle sûpt, dat ik de oare deis wekker waard yn de hal”, fertelt in sechtjinjierrige jonge. “Ik tocht doe: dat komt my net wer oer.” Ut de kessens wei wurdt derom lake. De oare oanwêzigen skodholje.
- (7)** De diskusje leit it ûnderlizzende fan it hiele probleem bleat. Jongeren fine it blykber stoer om har alle wykeinen wer
- 50 lazarus te sûpen. Ta konkrete beliedsadvizen komt it net, alhoewol’t in jongkeardel in idee hie dat op in protte stipe fan syn freonen rekkenje koe. “De plysje moat as taksy funksjonearje.
- 55 Dronken jongeren nachts thúsbringe.” Mar dat gie oer.
- (8)** Hat de gearkomste wat opsmiten? “Ik kin sizze dat it in nuttige jûn west hat”, seit Binnendijk. “Wy witte no wat
- 60 mear oer de beweechredenen fan de jongeren. Dêrmei kinne wy út de fuotten.”

Nei: Mark Voortman yn de Leeuwarder Courant fan 15 novimber 2007